



SINNELJOCHT

Siebrun Woudstra

Fiif gedichten oer it Heechliet

Ynlieding

Oer it Heechliet skriuwt de Nije Fryske Bibeloersetting fan 1977:

Op it Peaskefeest waard by Israel steefêst op'e achtste dei de tekst fan it Heechliet nei foaren brocht. It is dan ien fan de fiif saneamde "feestrôlen" (mei Ruth, Preker, Kleilieten en Ester).

De namme yn it Hebrieusk tsjut oan, dat dit it aldermoaiste sjongboekje acht waard, dat yn âld-Israël bekend wie.

Ek neffens de ynhâld sil men it Heechliet it bêste sjen kinne as in bondel houlikslieten dy't yn'e houlikswike songen waarden. Breugeman en breid sitte dan op'e troane en wurde as kening en keninginne eard.

Sadwaande kin de breugeman soms as Salomo oansprutsen wurde, mar tagelyk fynt er him riker as Salomo.

De tsjerke seach fan miet ôf oan yn it Heechliet de ferhâlding tusken Kristus, de breugeman en de tsjerke, de breid, yn it Heechliet ek wol de Sjûlamityske neamd.

Dizze fiif gedichten, taryeden fanút it Hebrieusk, sjogge mei de breid út nei it kommen fan de breugeman Kristus, dy't ienris op'e wolken ferskine sil om syn breid, de tsjerke, op te heljen.

Dat heuglike barren is noch foar ús weilein yn'e takomst. Dêrom hat de bondel as titel *Sinneljocht*.

Espel, Noardeastpolder, augustus 2013

Salomo's houliksoansyk

Wa ferriist dêr as de dage,
moai as de blanke bliere moanne,
ymposant as in wapperjende flage?
Do bist it, leafste fan mij!

Bist leaflik as it prûze Jeruzalem,
hoe moai is dyn stap yn de sandalen,
do, ienlingsdochter fan dyn mem,
do leafste, kom, kom gau by mij!

Mar dyn eagen, hertsfreondinne,
kear se dimmen fan my ôf.
'k Langje oars sa nei de minne,
leafste, bliuwst bij mij?

Sterke as de dea is myn leafde sa swiid,
draai dy om, draai dy om, draai dy om,
makkest mij dûnsjend, al dûnsjend, sa bliid.
Myn leafste, myn doke, ju, trou mei mij...

Frij nei Heechliet 6 en 7

De Sjûlamityske

Wat fiel ik mij ûnwennich yn dit wynhûs
as skruten famke fan it plattelân.

Hear ik no stimmen?

Hark, sêft kleangerûs

troch holle, hege gongen...

It fljocht mij oan, wat wurd ik no benaud!

Dêr komt hij oan, dêr is hij dan, myn Salomo,
hij blierket fleurich om him hinne.

“Wêr bisto dochs, freondinne, suster, toarteldo?”

Hij wurdt mij no gewaar, ik fiel mij keninginne!

Hij set him njonken mij, as wie hij farao...

en slacht samar syn mantel om mij hinne.

In waarme gloed bekrûpt mij bij syn tútsjen.

Us leafde teart har iepen as in blom,

o, himelsk lok, ik reitsje siik fan leafde.

Fersterkje mij mei appels, druvekoeken, kom!

‘k Beswyk oars yn dit leafdeshillichdom...

Heechliet 2 fers 4-5

Hofsang fan de Sjûlamityske

Myn libben is sa fredich as in stille moarn,
in saad fan wetter, fris en ûnbedoarn.
De wetterstreamen floeie út mij, net te kearen,
as heldere beken nei myn hertsbegearen.
Wurd wekker, frisse Noardewyn, waai troch myn hôven.
Kom, soele Sudewyn, dat elts har balsem rûkt.
Kom leafste, kom gau as in wetterfloed:
ús beider leafde krijt sa nije gloed,
en yt dan fan myn kostelike fruchten.

Heechliet 4 fers 15 – 16

Swart mar leaflik

It sinneljocht bij it hoedzjen fan de skiep
op it toarre lân dat hat myn fel ferbaand,
en ik beken it hjir: ik bin fan boerestân.
Swart bin ik as de tinten fan it folk fan Kedar.
De dochters fan Jeruzalem dy wolle mij net sjen.

De kening hat mij lykwols útkard as de moaiste,
hy fynt, ik bin in leelje tusken withoefolle stikels,
in appelbeam tusken de beammen yn de bosk.
Ja, ik bin swart, mar leaflik.

De foarjiersblommen komme wer foar it ljocht,
de winter is foarby, it reinen oer, de himel wiid.
Syn leafde is wat ik begear,
it is wer sjongerstiid.
Al bin ik swart, ik bin fan him!

Heechliet 1 fers 5 en 6a

Kommendewei

Yn wolken fan moude, fermongen mei wijreek,
komt út'e fierte in kening mei graasje,
op in poarperen draachstoel mei leunings fan goud.
't Is wis en 't is wier in proastige staasje:
de kening draacht in swietrokige krânse
dy't syn mem him mei leafde hat tabetroud.
De breugeman-kening is kommendewei.

Salomo sjongt no en priizget de Heare,
de wachters, hja stappe kloek om him hinne,
gurde mei it swurd om gefaren te kearen.
Thús yn'e woestine, belearde yn'e striid,
nedich fanwege de skrik fan de tiid:
nêsten mei njirren en folk yn'e nacht.
De breugeman-kening is kommendewei.

Wy stoarje ek yn ús libbenswoestine,
de siken besette ús: de breugeman komt!
Dan sil Hy op wolken fan gloarje ferskine,
mei wijreek fan hope en mirre fan blydskip,
mei in kloeke en hillige ingelenstaasje,
mei macht en majesteit en grutte graasje.
De breugeman-kening is kommendewei.

Heechliet 3 fers 6 - 11